

# De kofjetafel

## Koart ferhaal

Jaap Krol

Fansels wie de trochgeande wei hieltyd drokker wurden. De stedsbus kaam alle kertieren eefkes buerten en de auto's raasden oan ien tried wei troch foarby. Fan de gemeente hie se tsien jier lyn dûbel glês krigen. Dat hie it oplûkende dieselleven in stik fermindere.

It wie doe bêst wol stil wurden yn 'e hûs, mar dat hie ek alles te krijen mei it hinnegean fan har man, net lang dêrnei. Wol noflik fan dat dûbele glês: de lêste moannen hienen se rêstich prate kind oer de bern, dy't hjir berne wiene, en de pake- en bepesizzers, dy't sa faak delkamen.

Hárren strjitte dus, dat mocht bêst wolris sein wurde. Mar ja, it wie ek sá feroare allegear, neffens har man soe it net mear goedkome. De hûn koe der net mear feilich út en oeral wiene junks – 'sjunks' yn syn wurden – en ynbrekkers.

Eins woe er har allinnich mar gerêststelle, wist se. Se helle in milimeterke ûnkrûd út de keamerlinde en hearde him sizzen dat se foarsichtich wêze moast. Mei de planten yn it finsterbank, mei it **siedende** wetter op it oanjocht, mei it yn 'e hûs litten fan minsken. Allinnich de bern en pake- en bepesizzers, warskôge er. No ja, buorfrou Harma fansels ek.

Buorfrou wenne al mear as fyftich jier neist harren. Se hiene inoar noch noait by de namme neamd, de posysje yn 'e strjitte wie genôch. Buorfrou hie har man al betiid ferlern, dêrom hie se har sa'n fjirtich jier lyn útnoege foar in bakje kofje. Dy útnoeging

Se helle in milimeterke ûnkrûd út de keamerlinde en hearde him sizzen dat se foarsichtich wêze moast

waard earst in gewoante, doe in tradysje en dêrnei in ritueel. Fêst ûnderdiel fan it ritueel wie de gewoante fan de buorfrou om de trije bakjes **sloarp** op te drinken. 'Gloep...!', hearde se by eltse slok, 'aaah...!', gie it dêrnei. Se hie alles besocht om it út te bannen. Earst wie se begûn mei lytse bakjes, mar doe't buorfrou fjouwer bakjes begong te drinken, wie se dêr mar gau mei ophâlden. Dêrnei hie se hinten jûn – fan dy allersizzende.

„It is wol hyt, rêstich drinke hear.”

„Is 't sa?”

Gloep...!

„It is de bus n...”

Aah...!

„It is de bus net, moast mar tinke. Tsjonge, wat kinne dy in leven meitsje!”

„No sa.”

Doe't nei tweintich jier de fase

fan berêsting yndaalde, hie se har âldens besjoen. De slapper wurdende lippen wurken it yn 'e hân, sa wie it wierskynlik ek. Se hie har der dus yn 'e rin fan 'e jierren mar by dellein. Oant hjoed miskien wol, want har beslút om op koarte termyn nei in saneamde oanleunwente te ferhúzjen stie no dan dochs fêst. Elkenien wist it, mar buorfrou noch net. Achter har hearde se de keukendoar al iepen en ticht gean. Doe't se eefkes letter oan tafel sieten en de finger tagelyk nei it earke brochten,

Ik haw juster in ekstra slot op de doar besteld, fia ynternet. Wistst hoe? Troch te skypen. Dan bellest mei in man fia de televyzje

begrutte it har fuort. Se hiene hast in heal minskelibben dield, dat telde fansels al.

„It is wat”, begûn de bourfrou.

Gloep...!

„Wat?”

Aah...!

„Ach, mei dy sjunks en ynbrekkers hjir yn 'e buert.”

„Hasto dêr lêst fan?”

„Je kinne de hûn net iens útlitte.”

„Do hast net iens in hûn.”

„As ik der ien hie, soe it net kinne.”

Gloep...!

„Ik bin net bang hear en do moast it ek net wêze. Hoe lang wenje wy hjir no al? Gjin ien hat ús oait wat dien. Hark ris, ik moat dy wat fer...”

Aah...!

Mar erges wie it dochs in soad fan befrijing. In nij hûs, in frisse start. Har fingers drukten op it tafelsblêd, de eagen divergearren nei it kopke.

„Ik haw juster in ekstra slot op de doar besteld, fia ynternet,” sei de buorfrou. „Wistst hoe? Troch te skypen. Dan bellest mei in man fia de televyzje. Hasto dat wolris dien? Nee? No, ik wol.”

Gloep...!

„HARMA!”

„Huh?”

„Do sloarpst! Do sloarpst, sloarpst, sloarpst en ik moat dêrnei harkje!! Hâld no ris OP!”

It waard deastil yn 'e húskeamer. **Fernuvere** seach de buorfrou har oan.

„Seisto Harma?”

„Ja! Harma! h, a, r, m, a. Harma hier, Harma daar, Harma is uw hulp in huis!!”

De finger fan de buorfrou krolle om it earke, mar it kopke kaam net omheech. Se seach eefkes troch it rût.

„Wat gek, ik bin yn jierren gjin Harma mear neamd.”

In bus luts op, in auto kaam foarby. In lyster kaam it fûgelhokje út, pykte yn it gers en fleach hastich fuort.

**Siedende** kokende

**Sloarp** slurpend

**Fernuvere** verwonderd